

“Wy hawwe der net foar keazen om Frysk te wêzen, wy hawwe gewoan gelok hân.”

As in wiere Fryske nasjonalist stiet der eins ien ding sintraal yn myn wurk as riedslid en dat is myn leafde foar ús moaie Fryslân. Wannear't hja my freegje wat Fryslân no Fryslân makket, kom ik dochs altyd wer út op itselde antwurd: ús minsken, ús kultuer, ús taal. De Fryske identiteit bestiet en dat litte wy as Friezen alle dagen wer sjen.

Hoewol't kultuer en minsken ek tige wichtich binne foar ús identiteit, is ús taal dat miskien noch wol in bytsje mear. Sa sei Pádraig Pearse ea: in lân sûnder taal is in lân sûnder siel (oerset yn it Frysk fansels). Hoewol't de hear Pearse perfoarst net in “makke broeder” wie, hat de bêste man mei dizze útspraak neffens my wol in punt.

It falt my op dat in soad bern de Fryske taal net mear meikrije fan hûs út, omdat men bang is dat se dan in efterstân krije soene op dejingen sûnder Frysk aksint. It Frysk soe it Nederlânsk yn 'e wei stean. Hoewol't ik ek in ferskuorrend Frysk aksint ha, skamje ik my der net foar. It is nammentlik ûnderdiel fan ús Fryske identiteit.

Mei dizze column wol ik jo as lêzer freegje dit net te lêzen en dan te ferjitten. Eins wol ik jo



freegje om: *het even te bezoeken*. Om jo net te skamjen foar jo Frysk aksint, mar om sels yn it Nederlânsk in Fries te wêzen.

Wa: Jouke Jan Postma

Leeftiid: 26 jier

Wenplak: De Westereen

Wurk/stúdzje: Fraksjefoarsitter FNP Dantumadiel en Studint bestjoerskunde en oerhiedsmanagement

Wat minsken net fan my witte: dat Ierlân heech op myn reislist stiet.